

Foarjiersekскурzje Alde Fryske Tsjerken.

De foarjiersekскурzje hat dit jier pleats fûn op sneon 17 maart, in moaie dei mei wol aardich wat sinne, mar ek mei hurde wyn. Dat lêste koe fansels neat bedjerre oan de grutte aardichheid fan it besjen fan trije prachtige tsjerken, de gesellichheid fan de busreis (want ik wie mei de bus mei!) en de prima lunch dy't by it programma hearde. Myn yndruk wie dat der wol hiel wat minsken op de ekskurzje ôf kommen binne, want oeral yn de tsjerken wie it drok: de minsken út de bus (dy't net hielendal fol wie), mar dêrnêst in soad minsken mei eigen auto's (dy't fansels hjir en dêr hast gjin plak mear fine koene yn de trije doarpkes). Ik doar it oantal minsken fansels net te rieden, de ekskurzjekommisje hat dêr grif in goed byld fan.

De trije besochte tsjerken wiene Kûbaard, lens en Spannum, alle trije net yn eigendom by de Stifting, mar it bewiis dat ek bûten ús eigen tsjerken hiel wat moais en bysûnders te finen is.

De Victortsjerke fan Kûbaard (om 1500, mei in toer fan 1885) makke yndruk mei syn geve protestantske ynrjochting, de hearebanken mei famyljewapens en benammen ek it restant fan it midsiuwske fresko fan (Sint) Kristoffel. Us bestjoerslid Taeke van Popta hat in prachtich wiidweidich ferhaal hâlden oer de skiednis fan de tsjerke.

De tsjerke fan lens is bysûnder as tsjerkje yn in sa lyts doarp, ferlern yn it wide lânskip. Fjirtich ynwenners yn it doarp, mar de tsjerke noch yn eigen hân, wat ús fan de tsjerkerintmasters goed dúdlik makke waard. De tsjerke is út de 13^e iuw, hat in ymponearjende grêfstien fan Bocke fan Burmania yn it middenpaad en fan de Burmania's ek in wapen oan de muorre, oerbliuwsel fan in rouboerd. Yn 1874 is de tsjerke oan de eastkant útwreide en dêrby oer in reinwetterbak hinne boud dy't der noch altiten leit en sichtber wurdt as de planken even optild wurde. En as nachtmieltafel in alterstien út de 14^e ieu.

It bôlemiel by It Reade Hynder yn Wommels wie in genot, mar fansels allinne foar de busreizigers. En dêrnei dan noch de Sint Remigiustsjerke yn Spannum, dy't by binnenkommen in yndruk joech fan grut en ryk. Spannum is fansels ek grutter as Kûbaard en seker as lens, en dat komt dus yn de tsjerke ek direkt nei foaren. De tsjerke fan om 1500 hinne en ek wer mei in nijere toer, fan 1742. Mar oars as Kûbaard mei syn spits is it hjir in sealdektoer, swier en like breed as de tsjerke. De preekstoel, in gehiel foarmjend mei it doophek, net oan de noardmuorre mar op'e ein fan de tsjerke sadat al it tsjerkefolk der rjocht foaroer sit. In prachtich tsien-geboade-boerd en banken mei opfallende "wangen" (sydkanten).

Yn Spannum ek noch 17^e iuwske muzyk fan in ensemble mei in prachtige klavecimbel der by. In aardichheid, mar it makke wol dat wy hurd rinne moasten om noch op tiid de trein wer nei hûs te heljen! Likegoed: in prachtige en gesellige dei. De neijiersekскурzje is pland op 6 oktober yn Huzum en Ljouwert. Grif ek wer tige oan te befeljen!

Groetnis,

Hindrik ten Hoeve, bestjoerslid Stichting Alde Fryske Tsjerken